






Prik tsjin koroana




Der is in nij middel tsjin koroana makke.



Dat hjit in faksin. En it beskermet dy tsjin de sykte.



It faksin is feilich. It is hiel goed testen.



Krijst in prik yn 'e boppe-earm. Nei in pear wike krijst noch in prik.



It kin wêze datst in bytsje lêst fan de prik hast. Do kinst dan spierpine of koarts krije.



Praat mei famylje, in begelieder of dokter ast dy nei de prik net lekker fielt.




Do krijst in útnûging foar de prik asto oan 'e beurt bist.



De prik krigest fan in dokter of suster.




Do meist sels kieze ofststo de prik hawwe wolste of net.



As mear minsken de prik krije, wurdt it feiliger foar elkenien.



Nei de prik moaststo dy noch altyd oan de regels hâlde.



Ast dy siik fielt, lit dy dan teste.

Mear ynformaasje




Der is in middel makke dat dy beskermet tsjin it koroanafirus. Dat hjit in faksin.



It faksin beskermet dy tsjin it koroanafirus. Do kinst dan dus net mear sa slim siik wurde fan it koroanafirus.



De regels foar faksins binne yn Nederlân slim strang. Foar't in faksin brûkt wurde mei, moat it earst goed testen wurde. It faksin datsto krigest is dus feilich.



It faksin krigest troch in prik yn 'e boppe-earm. Dat hjit in faksinaasje. It faksin wurket it beste asto twa kear prikke wurdst. Dêrom krigesto nei in pear wike noch in prik.



Neidatst de prik krigen hast, docht it plak dêr't de prik yn 'e earm gong soms in bytsje sear. Ek kinst in pear dagen lêst hawwe fan bygelyks spierpine of koarts. Dat neame wy bywurkingen. Dy geane meast fansels wer oer.



Fielst dy net goed neidatst de prik krigen hast? Bepraat dat dan mei famylje, dyn begelieder of dokter.




Wannear'tst de prik helje kinst, krigest in útnûging fan dyn dokter of de GGD.



Do krigest de prik fan in dokter of in ferpleechkundige. Dat kin dyn dokter wêze, ien fan de GGD of bygelyks de dokter fan de soarchynstelling.



Elkenien fan 18 jier en âlder yn Nederlân kin de prik krije. De prik is foar net ien ferplichte. Do meist dus sels kieze oftsto de prik hawwe wolst of net.



As mear minsken de prik krigen hawwe wurdt it feiliger foar ús allegearre. Dan binne minder minsken besmetlik. En wurde minder minsken siik.



Het duorret in skoftke ear't elkenien de prik krigen hat. Dêrom moatsto dy ek nei de prik noch altyd oan de maatregelen hâlde.



Do moatst dy sa fluch mooglik teste litte asto ferkâlden bist, proeste moatst of pine yn 'e kiel hast. Lit dy ek teste asto oare klachten hast dy't by koroana passe.

alleen samen krijgen we
corona onder controle

Sjoch ek op
[coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl)